

Dizze kear in ferhaal, optekene troch frou S. Keidel-van der Goot (Sijke Keidel-van der Goot 1898-1999), oer har bernejierren op de Lange Jammer. It stik is opmakke yn 1976. Dat fan dy tiid binne ek de nammen as se praat oer hjoed-de-dei. Dêr oan taheakke noch in pear oanfullings fan Gerben Ruerds de Vries, ek al ien dy't gauris yn de Frisia oer syn bernejierren skreau.

De Langejammer en myn bernejierren.

't Wie yn myn bernetiid gewoante om de measte minsken by harren foarnamme te neamen en dat sil ik hjir dan ek dwaan.

Te begjinnen by it húske fan Hanze Gjet, no oanboud by de bakkerij fan Bouma. De efterútgong fan Bouma's bakkerij. In pear lokalen fan ús legere skoalle. 't Perteal en 't lege lokaal. Tún mei efterdoar fan master Schuitmaker. De bleek mei it hús fan Wytse en Richt. It wenninkje fan âlde frou Beekma. It paad dat tagong joech nei de grutte bleek. In seistal wenninkjes einigjend mei it hege hús fan Hindrik Atses.

De oare kant: Te begjinnen by it hús fan Klaas vd.Vlugt. Hjiryn wenne Duikers-At.At mei har lyts krúdenierswinkeltsje; letter de earste Coöperatie-winkel. De boppewenning waard ferhierd. Om de hoeke it hinnehok fan At, mei noch in partekulier wenninkje. Dan it dûbele hús, no skjinmakers-bedriuw Dykstra. Yn dy tiid bewenne troch frou Jaarsma en dochter Janke. Fierders Hinne Gêbe, mei dochter Aaltsje (yn dy tiden baas Hinne mei syn timmerwinkel). Yn 't lytse steechje Pipers Tryn Boonstra, Harmen Tjits de Vries einigjend mei it hege hús út it wetter wei opboud. Hjiryn Grutte Minke mei dochter Tryn (Rodenburg). Yn dit hús hat it lang west, dat der op sneintemoarn it doktersjild betelle waard. De mannen sieten dan yn 't lyts pertealtsje en de klanten mei waar en wyn bûtendoar. As lêste kaam dan it hús, no bewenne troch de fam. Wytse vd.Berg. Yn dy tiden twa âlde feinten. It hús wie âld, stie tige leech, mei heech wetter, it wetter oer de flier. In machtich greate beam stie foar de keamersglêzen. De beide mannen hjitten Ype en Hindrik. Hoe as hja mear hjitten hat ús as bern nea bekend west, mar fanwegen in sykte droech Hindrik altyd in doekje op syn lippe en hjitte de man by ús nea oars as 'Hindrik mei it doekje'. Op dizze Langejammer brochten wy dan ús bernejierren troch.

Op 'e nij begjin ik by de lokalen. 't Wie dan de fiifde klasse der't master Bos mei syn bern setele. Master Bos wie bekend om't er geweldich goed sjonge koe. In machtich soad bernekoaren hat er oprjochte. Ik hearde by de groep dy't net sjonge koe. Mar by't winter as by master de grutte petroaljelampen brânden en de bern oan 't repetearjen wiene foar harren útfiering, sieten wy faak op Duikers At har hinnehok. Klaas Kalsbeek kaam dan by 't skimerjûn om lantearne nei lantearne op te stekken en wy fermakken ús dan op in goedkeape manier.

It perteal en foar it lege lokaal wie faak ús plak om te boartsjen. By de doar fan masters tún koe men faak Jap, de faam, oantrefte. Juffer Schuitmaker wie dan tige skjin. Jap roun dan ek al den dei mei de mouwen opstrûpt ta oer de earmtakken; dit fan it aloan sjipsopjen. Yn dy dagen wie der sa goed as gjin wetterlieding en rioel, en wie Jap aloan mei har handoeken en sjipsop ûnderweis nei de Grûndaam. Ik koe by Jap in potsje brekke en waard dan noch al folle bliid makke mei de teeplaatsjes. Wietze Richt, wie by ús âlderen bekend. Richt houd faak famkes om se mei it naaien bekend te meitsjen. Nei it húske fan frou Beekma dan de grutte bleek. De bleek, no wenning en tún fan de Halbertsma's. Yn dizze tiid as moandeis de wask dien wurdt, sjocht men sa goed as gjin linnen mear op de bleek. Yn dy tiden wie it wol sa dat op moandei de bleek groat- en nochris groatfol lei. By hurde wyn it spul troch inoar en dan koe men de rest wol riede.

Mei de merke sloech it selskip Hart harren grutte tinte hjir op, om hjir dy dagen harren toaniel op te fieren. Ek hat yn dy tiden hjir in 'lighal' stien. De sleatsjes by 't winter in great fermaak

foar de bern. Net allinne 't reedriden, mar ek 't skoskerinnen in great fermaak. Ik wie dan yn de regel ek ien mei fan de earsten om mei wiete fuotten thús te kommen.

It earste fan de seis húskes; foar in strjitsje, foardoar, perteal en keamer mei útsjoch op de grutte bleek. Yn dit earste húske wenne Janne Wim, in leaf âld minske. Om yn har ûnderhâld te foarsjen rûn se mei de bôlekoer. Mar Wim koe mear, n.l. Palmstokkenmeitsje. Yn de priis fan 15 sinten, stôk, boppe in hoantsje -it each fan in krint-, in sinesappel en fiich. Dit alles foarsjoen fan flachjes.

Goedkeape in dûbeltsje, stok mei hoantsje, pofke en wat minder flachjespul.

Palmsnein gong it dan yn optocht nei de buorren. It sankje wie ientoanich:

"Hjoed is 't Palmsnein Palmsnein is 't hjoed".

Ek barde it faak om op sa'n snein nei Jirnsum nei de Roomske tsjerke te gean. De betsjutting dêrfan begrepen wy net en ik sels ha it dan ek net fierder brocht as it perteal fan de tsjerke. Mar Wim koe noch mear. Wim koe n.l. koekyntsjes en sokke saken bakke. Faak ha ik foar it âld minske in boadskip dien. Mocht dan kieze: in sint of út 't bledsje. No ik naam dan il lêste mar. Ek stie Wim mei har seildoeken kreamke op de merke. De merke doe noch trije dagen yn de wike, tredde woansdei, tongersdei en freed yn septimber. Mei har kreamke stie se dan yn de Haadstrjitte

(no kafetaria Postma). Ek hjir krekt as oeral de petroaljelampen op. De measte Grousters gongen dan by 't nei hûs gean wol efkes by Wim oan.

De Grûndaam wie yn 'e midden. Dat wie in stik sleat op himsels. De beide draaien, de griene, fuort foar master syn tún. Dy joech tagong nei de oare kant, alles noch lân ta oan de mar ta. Mar it sil yn 1904 west ha dat de earste huzen hjir boud waarden, de no noch besteande sterke húzen. Faak boarten wy as lytse bern hjir yn it sân en sa wie hjir it begin fan it Easterfjild lein. De lytse draai, fuort foar de molehúskes, no fam. Van Stralen. Yn dy tiid fam. Hette de Jong en Sinnema. Hjir de greate houtmole fan mynh. Hylkema, de molehúskes, de houtstekken en kolken fol hout (no de Molestrjitte). De Grûndaam lei dan fol wenskippen en skouwen. Gjin wenskip hie doe noch in namme. Mar mei it greate tal einen, wie dan by 't maaityd wol elk wenskip fan in pear einekuorren foarsjoen.

By dizze lytse draai hie ek ús arkje syn plak. Lyts wiene de fertsjinsten, mar ek lyts wie ús arkje, der't wy mei ús seizen yn húsmanje moasten (de beide jongste susters wiene doe noch net berne).

It útsjoch op de mole wie machtich moai. As dan de mole foar syn folle seilen draaide en de mole-feinten mei harren seildoeken skelkjes foar op de stelling stiene, koene wy dêr tige fan genietsje. En dat hiene wy der dan allegearre op ta. Mar ek sieten de wenskipbewenners mei grutte swierrich-heden. Al wie 't allinne mar it wetter dat ik neame wol. Draait men yn dizze tiden it kraantsje om foar kâld en waarm wetter, doe koe men dat noch net. It wetter koe dan helle wurde út de grutte skoallebak. Wie de heit nei it wurk, dan wie it wurk foar de memmen. Mar och hea, yn in droech skoft as de bak leech wie, koe men foar ien sint it amerfol by Reide Tietsje helje (no saak Willem Leistra).

Mar fierders hiene wy ek wol fertier. Simmers mei ús trije wiken fakânsje in pracht fan in fiskers-plak en by 't winter in feilich plak om it reedriden te learen en noch tinkend oan it sankje fan master

Wielsma. Efter it stuoltsje, efter it slydsje, sa ha ik it reedriden leard. Ek hie de Langejammer in ferlingstik n.l. de fûlensdykje. De barten mei op de eftergrûn Goasliks-mooltsje. De grutte tún fan de fam. Willem Dijkstra, griente en beien (fruit) (no foar in part Oasterhoutstrjitte) mei as slútstik de fûlens, dizze mei syn greate hounen fan Piter en Doeke-hûnekarre.

De boereskoalbern hiene fan moandei oant sneon in kosthús yn de buorren. Motors wiene der noch

net. It wie doe sile of roeie. It wiene al folle de boeren fan Goanjehuzen dy't hjir in feilich oanlis-plak oan it fûlensdykje founen.

Us sneinen. Yn 't foarste plak wiene wy wend om yn de winter nei de Fermoanje te gean.

Skjinne swarte klompen oan en in lêsboekje mei. De froulju meast yn it swart, lange rokken,

mei earizer en flodder op en yn folle gefallen in waarme stove. Mar dy koe men ek by de kosteres, âlde Sjoerde- Wytse, krije. De Fermoanje wiene doe mear minsken yn as wy it no wend binne. Stuollen en banken wiene beset. Noch kin ik se neame: Jelle Sints en Sint Jelles, Beint Berkepas en Bouwe de Visser, sa soe ik troch gean kinne. Alde Fokke Seldenrust wie de pûstertraper by it oargel en sette dan mei syn klompen yn de hân nei boppe ta. De preek ha ik nea folle fan neifertelle kinnen, mar it sjongen foel der wol altyd tige yn. Lykas ik sei hiene wy gjin sjongboekjes en barde it noch alris dat in drysten ien troch it sjongen hinne raasde. En och hearken, ien kear it oargel en it sjongen stil en hearden wy inkeld (M)(H)inke noch trochrazen. Yn dy tiden wie it healwei de preek gewoante dat gâns manlju by it sjongen stean gongen, ta oan 'e ein fan de preek ta. De jonges sieten op de Kreake. Fansels ek op klompen en barde it op in kear, ûnder de preek, dat in klomp nei ûnderen kaam.

Fierders wie it op 'e moarn gewoante dat wy foar ien of twa sinten moster foar dizze of jinge helje moasten fan Piters Jeltsje [Boonstra] (no nijbou Douma). Mar it hichtepunt fan de snein wie wol de middei. Nei it iten krigen wy dan ús snobberssint. It gong hjirmei nei Reide Tietsje.

It wie wol in toer om mei al dat lekkers út de rie te kommen. It barde dan ek hiel faak dat wy fan ús sint in healtsje werom ha moasten en om foar dit healtsje ús lok nochris by âlde Willemke te besykjen.

Hoe't wy boarten.

Poppelapje, knikkerje, blyndoekje, toudûnsje, knoopkesmite, kykkast sjen ensfh. De hannel waard ôfdien mei blaubeitsjeknopen. In boster hearde ek noch by de ynfentaris. In stik hout út in flearbeam, in stimpel derby makke, in stik kalmwoartel út de reiden en wa sines no mar it heechste woe. Ek ha klepperhoutsjes tige yn swang west. Sneintemoarns as it korps by Van Stralen oan it repetearten wie en wy mei ús houtsjes de Kleppermars meidiene, op it Grienstekje, hiene hja gâns

lêst fan ús. In warskouwing fan Nieuwenhuis joech net sa hiel folle. It kaam op it lêst sa fier; mar mei op de seal en mei repetearte, no no wie de boat oan. Mei de merke efter it korps oan en in traktaasje yn de foarm fan in stik koeke by boargemaster Rinia van Nauta (no Joh.Westra).

No noch ús klaaiinge. Jurk, skelk -yn de wike bont, sneins wyt- lange swarte hoazen en sokken. Yn de winter klompen, simmers skuon, in hoed makke ús garderobe ôf. It barde yn dy jierren, dat it Easterfjild him útwreide. De mole wie yn 1911 ôfbrutsen, de beide draaien ferfoelen. Troch in stik fan master syn tún it paad en fierders in brêge nei it Easterfjild. De seis Langejammerhúskes ôfbrutsen, hjirfoar de seis âldereinwenningen. It skoallehûs mei tún en it hûs fan Wytse en Richt mei bleek parkearterrein. De Grûndaam foar in part ticht; net ien wenskip mear. Ek hat yn dy jierren de Langejammer fanwegen it hege wetter alhiel ûnder wetter stien en wie alhiel mei stellaazjes belein.

Oantekens hjiroer fan Gerben Ruerds de Vries.

Jo ferslach oer it wolwêzen fan de Lange Jammer komt wol aardich út. Hjir en dêr ha ik in lytse betinking. Sa as oer it hûs dêr't no Wytse v.d.Berg wennet. Jo neame dêr twa âlde feinten, mar de iene, Hindrik, hat troud west. Hy hie fjouwer bern. By syn ferstjerren ha der noch guon op syn beierdiging west. Myn skoanheit Easge vd.Veen wie tige thús by dy mannen en mei dy femylje tige op 'e hichte. Doe't Ype weirekke is dat hûs ferkocht en wy wiene de keaper: Gerben en Kike.

Wy ha dêr in pear jier yn dat âlde hûs wenne. Nei de heechwetterwinter ha wy der in nij hûs boud, itselde dat der no noch stiet en dat ha wy noch 16 jier bewenne. Boppeneamde Ype wie âldfeint (efternamme Westra). Twad wol ik it noch efkes ha oer Janne Wim. Jan Brouwer

hjitte har man en hy wie fan syn fak timmerman, mar ik ha him as timmerfeint net kend. Hy makke de palmen, bakte de koekyntsjes en sûkerslakken fan gewoane brúne sjerp en de oare fan wite sjerp. Dan bakte er fan poeier sûkelade en noch fan dy figuerkes as medaljons en bistkes. By 't winter stie er mei syn diske op 'e Baei en Wim fersoarge de sûkelademolke. Fierders besochten se de merkjes yn 'e neiste omkriten, lykas Reduzum, Jirnsum, Raerd, Akkrum en Terherne. Wim wie fan ôfkomst in Terhernster. Jo skriuwe dat jimme Peaskesnein nei Jirnsum nei de R.K.tsjerke rûnen. Dat is fêst mis, wy diene dat ek wol, mar dan op Palmsnein, in wike foar Peaske. Oan 'e mis ta waarden wy talitten, dan kaam âlde Sipke Swetser, de koster, mei in kuorke palmtakjes. Dêr krigen wy elk ien fan en dan brocht er ús nei de útgong en wiisde ús it offerblok oan. Der waarden dan ien-twa sinten yn opoffere, want mear as in stoer krigen wy net mei en de oare trije sinten wiene ornearre foar in "reuzesturt", in lyts "keallepoatsje" (koeke). Fuort by de tsjerke wie in winkeltsje dêr't wy terjochte koene (Pastoar hjitte Hooiman). Mar ik sit al fan de Langejammer ôf yn Jirnsum, dus hurd werom. Ik ha dêr noch kend as âlde bewenners: Janne Wim, Janne Hil, Jan Geales Minke, Sipke Tryntsje, Paulus Richt en Atse Grytsje. Fierder lit ik it der mar by. Wolle Jo nochris wat witte en tink Jo dat ik byspringe kin, dan sizze Jo it mar. As ik kin wol ik Jo wol helpe.